

Begjin 2023 sportyf: SAC Sportdei!

Nei it grutte sukses fan ferline jier, sil yn jannewaris op'e nij de SAC Sportdei yn'e Singel wêze! Dizze stiet plant op **sneon 13 jannewaris**. De basisskoallebern binne fan 14:00 oere ôf wolkom foar in sportive middei. Heiten en memmen, pakes en beppes, kom te sjen! Foar elkenien dy't de basisskoalle ferlitten hat ha we jûns wer in aktyf en gesellich programma opsetten. Dit start fan 19:00 oere ôf yn de foarm fan in mearkamp. Jou jim op per team fan 4 persoanen. Ha jo gjin team, jou jo dan allinnich op, en foarmje wy in team. De jûn wurdt ôfsluten mei in priisútrikking, lotterij en fansels in neisit. Binne jo net sa'n sporter; kom dan te sjen!
Opjaan kin fia ûndersteand strookje, fia sacblauwhuis@hotmail.com of in Whatsapppe.

JOU JIM ÚTERLIK SNEON 30 DESIMBER OP!

En net ferjitte: it wykein fan 1, 2 en 3 desimber is wer de âld izer aksje! Dit wykein stiet de kontener op it parkearterrein fan it fuotbalfjild. Lever jo âld izer yn en steun it SAC!



Opjêfte SAC Sportdei sneon 13 jannewaris 2024 yn'e Sportseal De Singel:

Middeis foar basisskoallebern: € 2,00 per persoan, ynklusief ranja en wat lekkers

Namme(n) + leeftiid:

1. _____
2. _____
3. _____

Jûns foar jeugd en folwoeksenen: € 10,00 per team fan 4 dielnimmers

Teamnamme: _____

Captain / Oansprekpunt: _____

Ik ha gjin team mar wol wol graach maidwaan:

Namme: _____

Ynleverje op Dykslân 12, Sylroede 33 of Gerben Rypmastrjitte 17